De tarieding en warming up wienen wol goed. Mar de westriid wie -piep-. Ja, oars hie de redaksje dit stikje ek noch sensurearje moatten. De 1e helte wie striemin. As team ha de mannen faalt en yndividueel binne der ferskate spilers troch it 'gers sakke'. As troch de koer – miskien hienen we better kuorkebalje kinnen – Der wienen in pear die hieltyd ûnder de koer stienen te wachtsjen op de bal. No genôch gekoanstekkerij, mar it is wol frustrearjend. Sa Tamme nei de wedstriid sei. Jimme ha ik goede trainer, goede en gedreven trainers en boppe al binne jimme goede fuotballers. De mannen spilen op de 75% fan harren kinnen. Yn de rêst binne der sels spilers foar lui útmakke. Dat giet hiel fier, want ek boppe alles giet it om it plezier (5-0 rest). De twadde helte wie better, der wie wat mear geknetter. In penalty krigen we mei, de oertrêding foel wol mei. Ewout skeat á la Neeskens yn. Einstân 9-1 en dernei wie it gelokkich dien. De mannen witte no ek wol, sa hâlde wy it net fol. Op it trainen foar mear as 100%, dan is eltse spiler in fint. Ferdorie. Sterk Door Samenspel en net Swak, Drome en Slap. We rekken je op jimme mannen. Dizze wike op de training en sneon de wedstriid thús is alles wer yn de kennen. (KP)

Oan it wurd Feike Jorritsma

Meastentiids litte wy in echte SDS-ers oan it wurd. Dizze kear in echte Skoalleseizer, dy't it de ôfrûne periode wol slim drok hân hat mei SDS. Feike Jorritsma, foarsitter fan it stiftingsbestoer oer wêr't hy en oaren my dwaande binne.

Wa is Feike Jorritsma?

Ik bin sa'n 42 jier lyn berne yn Tsjerkwert, haw fanôf myn tolfde yn Boalsert wenne en bin Grytsje Strikwerda tsjin it liif rûn. Wy hawwe earst 3 jier yn Wommels wenne en binne doe yn Easterein kommen. Dat is no sa'n 13 jier lyn.

Hasto ek wat mei fuotbal?

Net safolle. Ik haw yn it ferline wol fuotballe by Bolswardia en Mulier mar bin al frij gau oergien nei it folleybaljen. Dat doch ik no noch altiten by Covos. Troch de Skoalleseize bin ik fansels wol hiel erch belutsen by SDS.

Do sitst no yn it bestjoer fan de Skoalleseize, hoe lang al en hoe kom je dêryn ?

Ik sit der no sa'n 5 jier yn, wêrfan de lêste twa jier as foarsitter. It bestjoer fan doe hat my frege fanwege "it gas, wetter en elektrysk"

Lis dat mar ris út?

Der wurdt yn it bestjoer hiel bewust socht nei minsken mei bepaalde kwaliteiten. Op dat stuit hiene se ien nedich dy't wat wist fan sis mar dy technyske foarsjenningen. Dat ik dêrby

ek noch graach wat mei de hannen doch is fansels meinommen.

Doetsto frege waarst, hawwe se doe oanjûn dat der grutte plannen leine en hiel wat barre moast?

Nee, dat giet meast sa net. It wie sa no en dan ris byelkoar komme, it wie gesellich en de neisit wie prima. Fierders foel it wol mei.

Falt it ek mei?

Och, wat sil ik sizze, wy hawwe in protte plannen, der moat hiel wat barre mar wy hawwe der wol nocht oan meielkoar. Want ik bin dan wol foarsitter, wy binne gewoan in geweldige ploech dy't fol entoesjasje wat foarelkoar krije wolle.

It liket wol dat alles tagelyk moat. Hie dat ek oars kind.

Yn feite hat dat in bewuste kar west. Wy woene ien grut plan presentearre mei alle oanpassingen dy't nedich wiene omdat it better is ien kear in goeie subsydzje oan te freegjen dan dat je alle jierren wer nei de gemeente moatte.

Dat it trainingsfjild dochs earder oanpakt is, wat is dêr fan de reden?

Op de ledengearkomst fan SDS yn novimber 2003 kaam dúdlik nei foaren dat de need heech achte waard. It bestjoer fan SDS hat doe ek in dúdlik sinjaal jûn dat sy net langer wachtsje koene. De KNVB hie ek al in berekening dien en hie fêststeld dat de belesting fan de trainings en wedstriidfjilden mear as 100 % wie.

Wat moast er allegear barre mei it trainingsfjild.?

Der wiene mooglikheden om it fjild aardich grutter te meitsjen omdat in stik by de tennisklup hearde. De grutte bulten

moasten derwei en dat slagge omdat de walskanten fan de Frjentsjeterfeart ferhege wurde moasten, dat men siet te springen om dy grûn. De Okkema's fine it in útdaging om fan dit trainingsfild wat moais te meitsjen en hawwe mei in protte enersjy dwaande west it foarelkoar te krijen.

Dat it wat langer duorre dan wy hoopt hiene, lei him oan twa saken. Wy moasten earst fan de gemeente in yntinsjeferklarring hawwe dat sy meibelje en it waar siet ús tsjin. Mar wat er no leit liket goed, mei in goed stik ljocht, wêr't SDS sels ek in flinke bydrage oan levere hat en in goeie draainaazje. Boppedat, de ôfmjittingen binne hast sa grut as in echt fjild.

De lêste dagen sjoch ik dy wol gauris yn Wommels?

Ja, it is dúdlik dat it allegear lestich is foar SDS om alle alvetallen traine litte te kinne. In útwyk nei Wommels hiene wy al ris earder dien, mar it is no foar lange tiid. Dus binne wy de lêste wiken dwaande om dêr in ljochtynstallaazje oan te lizzen. Couperus hat wat moais makke en wy pleatse it.

Dat is dus foar lange tiid?

Ja, do moast er mar op rekkenje dat er dit seizoen net traint wurdt op it nije fjild yn Easterein.

Neidat dit dan klear is kinne jim efkes bekomme?

Nee, dat is der foarloapich net by. Der moat praat wurde mei de rentmasters oer de grûn, wêr't de kantine en klaaiboksen op steane, de plannen fan de kantine moatte no echt útwurke wurde en wy moatte de plannen fan de klaaiboksen klearmeitsje.

De kantine, wat is de bedoeling dêrfan?

De kantine is it finansjele hert fan de stifting. Dy bliuwt op it selde plak stean en wy kieze foar in hiel nij gebou. Wat grutter en mei in skeefrinnende twadde ferdjipping. Dy romte dêrboppe soe dan brûkt wurde kinne foar opslach mar mooglik ek as in soarte mei fitness romte.

Wat is de planning?

Wy soene graach wolle dat it yn de simmer fan 2005 realiseard wurde koe. Dat is ûnhelber, sa't it no liket. De gemeente moat earst oanjaan wat it harren wurdich is en der moat ek dan wer safolle regele wurde om alles hjir wat trochgean litte te kinnen. Wy kieze bewust foar de simmer, omdat it mei de bou makliker gean sil, want wy rekkenje dochs op in protte frijwilligers dy't jûns dan wat dwaan kinne. Ek is it makliker om simmers in ferfangende romte del te setten. It sil dus wol 2006 wurde.

Wat moat er by de klaaiboksen barre?

De twa âldsten moatte hielendal fernijd wurde. Tegels, banken, kapstokken, de ferwarming, de dûsjes en it húske.

En fierders?

De boaiem fan ús kas is yn sicht, dus moatte wy earst wer wat sparje. It stek om it nije trainingsfjild komt om dy reden dan ek pas yn 2005. Wy binne wol hiel bliid mei bedriuwen lykwas Okkema, Couperus en de Jong dy't ús finansjeel "helpe".

Do sjochst it allegear wol sitten?

Absoluut. Wy hawwe in prima ploech en wy kinne ek altyd in berop dwaan om in hiele protte minsken. Boppedat wy wolle de gemeente ek sjen litte dat wy hjir mei

eigen holle en hannen hiel wat berikke kinne sûnder dat soks ferskuorrend djoer wêze moat.

Noch wat oaren punten dêr't Feike koart wol wat oer sizze wol.

Kantinetsjinst: It soe moai wêze dat er wat mear jongeren bykamen. Wy moatte der rekken mei hâlde dat in oantal âlderen it net altyd mear dwaan bliuw kinne. Mei namme út Wommels soe hy wol wat mear frijwilligers ha wolle. Want de helte fan de SDS leden binne dochs Wommelsers?

Takomst: In tredde fjild derby is in echte (ah) winsk. Dat sil der noch wolris fan komme mar kin op dit moment net.

De lêste fraach wie fansels, wat is dyn super 11? Feike jout oan dat hy dêrfoar te min fan SDS wit. Op myn foarstel om dan mar in super 11 fan frijwilligers op te stellen, wol hy ek net yngean. Wy dogge it allegear meielkoar en ik wol perfoarst net dat ik ien ferjit, sa seit Feike . Ik bliuw oanhâlden as storein en wy komme der dochs út. Feiko syn super 14 mei de oantekening dat hy net ien te koart dwaan wol.

It superteam fan Feike

Jaap

Abe Jan

Marco

Fedde

Tom

Douwe D

Hans

Andries

Jelle

Klaas

Enno

Tinus

Harm

Ledengearkomste

Fuotbalferiening SDS

Moandei 25 oktober 2004

jûns om acht oere yn 'e kantine op it sportfjild

Wurklist

1. Iepening
2. Fêststellen fan •e wurklist
3. Oantekens fan •e ledengearkomste fan 17 novimber 2003
4. Jierferslach fan •e skriuwer
5. Jierferslach fan •e ponghâlder en fêststellen fan 'e begrutting
6. Ferslach fan •e kaskommisje / ferkiezing nije kaskommisje
7. Utlis oer it kleanfûns en de kleanline
8. Kontribúsjeferheging
9. Pauze
10. Bestjoersferkiezing: Net oan •e oarder dit jier.
11. Ferslach fan 'e jongereinkommisje
12. Rûnfraach
13. Slúting

Oant sjen op moandei 25 oktober oansteande !!

It bestjoer

Samar in wedstriid

De earste thús wedstriid yn de earste klasse. Je ferwachtsje dan in folle bak mar dat foel tsjin, der wienen trije banken nei beneden helle en die sieten net iens fol. Jammer want it wie in knappe pot al kaam er wol foarsichtig op gang. De earste wedstryd wie ferlern gien tsjin Foarút dus wat fan efterút balje. Fan te foaren wurdt mei mekoar oerlein dus sa moat it hjoed. Mar ja hoe moatte we wikselse want der binne 8 man. Dit wurdt earst in groepke fan trije en ien fan fjouwer dit komt yn de wedstriid min út dat it groepke fan fjouwer wurdt nochris opsplittst yn twa kear twa.

Keeper: Jan-Simon, fantastische keeper mei in bliksem reaktie.

Ferdediging: Harm, mei ek graach oanfalle mar at er it op 'e heupen is ie samar wer efteryn.

Tjipke-Klaas, slim, wit presys wat in tsjinstanner dwaan giet en is dêrom altyd in stapke earder.

Feite, sterk, resolu't, is sterk yn de coaching en hat in gefaarlik skot.

Oanfal: Peter, geweldich linkerbeen, sjit snel en altyd op goal, út wat fan hoeke dan ek, hat wolris lêst fan in spierke mar dan regelt er sels foar in ferfanger. Anne, wit sels net hoefolle technyk at er hat en wurdt dan al gau in tsjinjende spiler, wat hy as de beste kin. Wat in oar fout docht knapt Anne op.

Oanfal: Willem(die jongen met dat lange haar) balfêst en in prachtich paaske yn de fuotten is sa no en dan wat maklik.

Robert, seit sels dat er de beste is, at dat no wol of net sa is litte we mar yn 't midden, hat in snelle passeer beweging

en dêr troch kin er sa in pear tsjinstanners dolle, hat in hekel oan banksitten.

At je sa'n team ha dan moatte je dochs wol winne en dat barde dus ek, ONT/CHZ waard netsjes oan de kant setten al wie dit yn earste helte net dúdlik te sjen. It wie mei rêst 1-1 en der moast al wat gebeure, it tempo moast omheech en meer druk nei foarren ta, omdat ONT mar ien wiksel hie moast dy sa murw spile wurde. Dit barde ek mar de 2-1 woe net komme it waard sels 1-2. Gjinn panyk en it tempo noch meer omheech en dan komt it allegearre wol goed, it duorre lang mar in pear minuten foar tiid kaam dochs de 3-2 en letter dus ek noch de 4-2. De earste punten binne binnen en it wie fertsjinne.

In moaie wedstryd op in heech nivo en dat fertsjinnet in tribune fol minsken. (DWO)

Doelpunten 2004-2005

Hendrik de Jong, Anco Elgersma, Roel Sybesma en Eddy de Boer binne de trije koprinners. Sy skoorden 4 kear.

Alle wiken kinne jim de aktuele stân fan saken fine op www.vv-sds.nl

1	Hendrik de Jong	I	4
2	Anco Elgersma	IIIenIV	4
3	Eddy de Boer	IV	4
4	Roel Sijbesma	IV	4
5	Henk Postma	IenII	3
6	Gerard Posthuma	V	3
7	Harm Stremmer	I	2
8	Durk Y. Sjaarda	I	2
9	Anne Stenekes	III	2
10	Ype Tiemersma	IV	2
11	Bertus Bootsma	IV	2
12	Gerlof Veldstra	V	2
13	Bas de Haan	V	2
14	Robert Sijbesma	I	1
15	Mark Postma	I	1
16	Jeroen Brouwer	II	1
17	Skelte Anema	II	1
18	Gerrit Hingst	II	1
19	Jacob Klaas Haitsma	II	1
20	Douwe Kool	III	1
21	Remco Brouwer	III	1
22	Ronny Wagenaar	III	1
23	Harm Auke Dijkstra	III	1
24	Sipke Hiemstra	IV	1
25	Ype Burggraaff	IV	1
26	Ids Boersma	IV	1
27	Folkert Rients Vellinga	IV	1
28	Tsjalling Hoekstra	V	1
29	Jan Stenekes	V	1
30	Bas van der Wey	V	1
31	Rudy Dijkstra	V	1
32	Willem Feenstra	V	1
33	Johannes Dotinga	V	1

It ljocht op Autohuis Winsum

Dizze kear binne wy op besite by Autohuis Winsum. Dit noch jonge bedriuw is yn fan ús nije sponsors. Oan de Michaelsberch stiet it autogaraazjebedriuw fan Douwe Cnossen en Bram van der Vaart.

Jierren lyn binne se begong op in oar adres. Dat wie doe noch wat behelpen. Der waard doe kofjedronken yn in karavan neist de garaazje omdat er te min romte wie, wylst wy no yn in krease kantine sitte.

Neidat Bram en Douwe beide jierren by in baas wurke hiene en der mar net genôch fan krije koene, sadat se thús oant sleuteljen mei auto's giene, ha hja yn 1998 de garaazje yn Winsum oernaam. De saken gyngen goed en sa ha se yn 2000 op it industrieterrein in nije

garaazje delsetten. En yn 2001 is Bert Tichelaar by harren kaam te werken. Hjir moat ik fansels net ferjitte dat de froulju fan Douwe en Bram de administraasje dogge, hja ha it kantoar oan hûs.

Jo kinne by Autohuis Winsum terjochte foar it ûnderhâld fan jo auto, sy dogge reparaasjes en sy fersoargje de APK (sa'n 500 yn't jier). Foar dit alles ha hja 5 brêgen yn'e garaasje stean. Ek fine jo hjir moderne apparatuur sa as it útljn- en banne-apparaat. En sy kinne op in feiliche en ferantwurde wizer de remvloeistof ferfarskje. In lyts bedriuw, mar hjir troch ha jo koarte linen en kinne jo sa de garaazje ynrinne om de mannen oan te sprekken.

Foar mear ynformaasje kinne je telâne op www.autohuiswinsum.nl.

(HK)

‘t Himd fan it Liif

Ik bin Hesther Hiemstra en hear by Gert-Jan Hiemstra(SDS 1)

-Hoe fynsto it dat dyn freon fuotballet?
Hiel leuk, it is syn grutste hobby, ik ha der gjin problemen mei.

-Moatte jimme ek wat spesjaals ite op sneon?

Nee, einliks net. Bôlle en bananen dat is wat Gert-Jan ha wol. Gjinn drege dingen.

-Binne der ek fêste rituelen foar de wedstriid?

Op freed te jûn gjin feest en gjin bierke.

-Sex foar de wedstriid?

Gjin probleem.

-Fielsto ek wat fan de wedstriidspanning fan Gert-Jan?

Ik moat net al te drege dingen betinke en him gewoan syn gong wat gean litte.

-Komsto ek te sjen by de wedstriden?
En komsto dan foar syn sportieve lichaam as foar it alvetal?

As ik fry bin kom ik wol, it is leuk om te sjen en it is gesellich. Ik fyn fuotbal leuk om te sjen en Gert-Jan ek fansels. Mar ik stean meast te kletsen lâns de line.

-Wat fynsto de moaiste fuotballer fan it alvetal?

Gert-Jan fansels... eins is der gjin konkurrinsje.

-Wat fynsto it moaiste fuotbalmomint fan Gert-Jan?

Ik fyn it geweldich dat hy nei sa'n lange blessure wer werom kommen is. En te sjen dat hy der sa fan genietsje kin.

-Wat docht hy mei syn fuotbaltas nei de wedstriid?

Dy komt op de matte te lizzen en komt net earder iepen oant as ik dat doch as ik moat der om seure (freselik, wat stjonkt dat ding).

-En wat wolsto noch kwyt?

It is altyd tige gesellich oan de line en ik hoopje dat Gert-Jan noch lang fuotbalje sil, want as hy net spylje kin is hy raar fan slag.

Dochter Marrit Hiemstra sit leaver hjir as by heit syn fuotbaltas.

(MH)

Standen fjildfuotbal

SDS 1 - 2e Klasse K

1SDS 1	3	9	11	-	1
2Broekster Boys 1	3	9	9	-	2
3Waterpoort Boys 1	3	7	5	-	3
4Nijland 1	3	6	6	-	4
5ONT 1	3	6	5	-	4
6Zeerobben 1	3	3	4	-	8
7Fean'58 1	3	3	3	-	7
8Hardegarijp 1	3	3	2	-	6
9QVC 1	3	2	3	-	6
10Blauw Wit '34 1	3	1	4	-	6
11Kootstertille SC 1	3	1	3	-	5
12Friese Boys 1	3	1	4	-	7

SDS 2 - res.1e Klasse

1HZVV 2	3	9	16	-	4
2Leeuwarder Zwaluwen 2	3	6	8	-	3
3Urk 3	3	5	8	-	6
4Noordscheschut 2	3	5	5	-	3
5Olympia'28 2	3	4	8	-	8
6SDS 2	3	4	6	-	6
7Weide De 2	3	4	5	-	5
8Drachtster Boys 3	3	3	5	-	5
9Olde Veste'54 d' 2	3	3	4	-	6
10Heerenveense Boys 2	3	3	4	-	9
11Genemuiden SC 3	3	3	6	-	15
12Zeerobben 2	3	0	6	-	11

SDS 3 - 4e Klasse

1Zeerobben 3	3	7	6	-	3
2SDS 3	2	6	6	-	0
3Bolswardia 3	3	6	9	-	6
4Rood Geel 2	3	6	8	-	7
5Leeuwarder Zwaluwen 7	3	4	10	-	5
6Mulier 2	3	4	8	-	7
7Franeker SC 4	3	4	8	-	13
8Workum 3	2	3	5	-	3
9ONS Sneek 3	2	3	2	-	5
10Flamingo SC 2	3	0	1	-	7
11Blauw Wit '34 5	3	0	7	-	14

SDS 4 - 5e Klasse

1SDS 4	3	9	14	-	4
2SSS'68 2	3	7	8	-	2
3CAB 1	2	6	18	-	2
4Blauw Wit '34 7	2	6	12	-	4
5Lions'66 3	3	6	15	-	11
6Stormvogels'64 1	3	4	6	-	5
7Berlikum SC 3	3	4	7	-	8
8Leeuwarder Zwaluwen 10	3	3	8	-	8
9Beetgum 2	3	3	8	-	17
10Makkum 3	3	1	5	-	15
11Zeerobben 4	3	0	7	-	18
11Wykels Hallum 3	3	0	2	-	16

SDS 5 - 6e Klasse

1NOK 4	3	9	17	-	3
2NOK 3	3	7	12	-	9
3Balk 4	2	6	12	-	6
4Walde De 3	3	5	7	-	5
5Bolswardia 4	3	4	13	-	5
6RES 1	3	4	11	-	10
7SDS 5	3	4	7	-	11
8Oeverzwaluwen 4	2	3	12	-	8
9TOP'63 3	3	3	9	-	8
10Mulier 4	3	1	6	-	16
11Franeker SC 6	3	1	4	-	16
11Waterpoort Boys 3	3	0	4	-	17

SDS A1 - 1ste klasse

1Stiens A1	3	9	17	-	1
2Leeuwarder Zwaluwen A1	3	9	17	-	2
3Franeker SC A1	3	9	18	-	6
4RES A1	3	6	7	-	7
5JV Bolsward A1	3	5	5	-	2
6Makkum A1	2	3	4	-	4
7GAVC A1	3	3	8	-	11
8Annaparochie St. A1	3	3	2	-	10
9Dronrijp A1	3	1	1	-	8
10Mulier A1	3	1	4	-	15
11CSL A1	2	0	2	-	8
12SDS A1	3	0	2	-	13

SDS B1 - 1e Klasse G

1JV Bolsward B1	3	9	26 -	4
2SDS B1	3	9	16 -	4
3Sneek B1	3	6	13 -	7
4Heerenveen B2	3	6	11 -	11
5Balk B1	3	6	8 -	9
6Urk B2	3	4	16 -	7
7Renado/VVI B1	3	3	6 -	13
8CVVO B1	3	2	4 -	7
9Joure SC B2	3	2	6 -	10
10GAVC B1	3	2	7 -	18
11Gorredijk B1	3	1	5 -	14
12WZS B1	3	0	4 -	18

SDS B2 - 2e Klasse

1LSC 1890 B2	3	9	17 -	1
2JV Bolsward B2	2	6	18 -	0
3SDS B2	2	4	6 -	1
4JVC Nylan 2000 B2	2	4	5 -	2
5ONSTOP63 B2	2	3	2 -	4
6Dronrijp B2	2	1	4 -	8
7Franeker SC B2	3	1	4 -	13
8Zeerobben B2	2	0	3 -	14
9Nijland B2	2	0	1 -	17

SDS C1 - 2e Klasse I

1Oeverzwaluwen C1	3	9	18 -	0
2Workum C1	3	9	16 -	1
3Makkum C1	3	7	8 -	3
4WZS C1	2	6	7 -	3
5IJVC C1	3	5	6 -	3
6Zeerobben C2	3	4	3 -	9
7SDS C1	2	3	4 -	5
8LSC 1890 C2	3	3	8 -	12
9Scharnegoutum'70 C1	3	3	3 -	9
10Harlingen C1	3	0	3 -	9
11Akkrum C1	3	0	4 -	12
12RES C1	3	0	1 -	15

SDS C2 - 3e Klasse

1Urk C4	3	9	29 -	5
2Franeker SC C3	3	9	18 -	2
3Heerenveense Boys C3	3	7	29 -	5
4GAVC C2	3	6	9 -	12
5ONSTOP63 C3	3	5	15 -	6
6Makkum C2	3	4	13 -	6
7Joure SC C4	3	4	8 -	9
8SDS C2	3	3	10 -	12
9CVVO C3	3	3	6 -	20
10JV Bolsward C2	3	1	2 -	12
11Workum C2	3	0	1 -	12
12IJVC C2	3	0	1 -	40

SDS C3 -4de klasse

1Be Quick D C2	3	9	50 -	1
2BCV C2	3	9	16 -	2
3Kollum C2	3	6	15 -	11
4Zwaagwesteinde C2	3	4	12 -	7
5Veenwouden SC C2	2	3	19 -	3
6Leeuwarder Zwal. C2	2	3	4 -	9
7Rood Geel C4	2	3	8 -	34
8Frisia C4	3	3	13 -	17
9SDS C3	2	1	3 -	10
10JVC Nylan 2000 C2	2	0	5 -	12
11Foarut C3	3	0	1 -	40

SDS D1 - 2e Klasse

1QVC D1	3	9	33 -
2Workum D1	3	9	20 -
3SDS D1	3	9	18 -
4Arum D1	3	6	15 -
5IJVC D1	3	6	11-
6OudegaHJSC D1	3	3	9-
7Oosterlittens D1	3	3	14-
8Oeverzwaluwen D2	3	3	10-
9CVVO D2	3	3	4-
10RES D1	3	3	3-
11NOK D1	3	0	7-
12Langweer D1	3	0	2-

SDS D2 - 3e Klasse

1JV Bolsward D2	3	3	3 -	3
2Robur D1	3	3	3 -	3
3QVC D2	3	3	3 -	3
4Zeerobben D3	3	3	3 -	3
5Makkum D1	3	3	3 -	3
6Tzummarum D1	3	3	3 -	3
7Franeker SC D3	3	3	3 -	3
8SDS D2	3	3	3 -	3
9Mulier D1	3	3	3 -	3
10Oosterlittens D2	3	3	3 -	3
11Workum D2	3	3	3 -	3
12IJVC D2	3	3	3 -	3

SDS E1 - 1e Klasse

1Workum E1	3	9	21-
2Renado E1	3	9	20-
3Urk E3	3	9	18-
4Scharnegoutum'70 E1	3	6	16-
5JV Bolsward E1	3	6	19-
6WZS E1	3	6	18-
7Flevo Boys E3	3	3	12-
8CVVO E2	3	3	5-
9Balk E1	3	3	9-
10SDS E1	3	0	3-
11Joure SC E3	3	0	0-
12DWP E1	3	0	0-

SDS E2 - 2e Klasse

1Harlingen E1	3	3	3 -	3
2Makkum E1	3	3	3 -	3
3SSS'68 E1	3	3	3 -	3
4Zeerobben E3	3	3	3 -	3
5Franeker SC E2	3	3	3 -	3
6QVC E1	3	3	3 -	3
7Stormvogels'64 E1	3	3	3 -	3
8Mulier E1	3	3	3 -	3
9Oosterlittens E1	3	3	3 -	3
10RES E1	3	3	3 -	3
11Oeverzwaluwen E1	3	3	3 -	3
12SDS E2	3	3	3 -	3

SDS E3 - 2e Klasse

1Frisia E3	3	9	21 -
2Leeuwarden E2	2	6	26 -
3Blauw Wit '34 E3	3	6	25 -
4Zeerobben E4	3	6	8 -
5Franeker SC E3	2	4	3 -
6Rood Geel E3	3	4	8 -
7FVC E2	3	4	12 -
8Makkum E2	3	4	9 -
9Leeuwarder Zwaluwen E2	3	3	13 -
10SDS E3	3	1	5 -
11JV Bolsward E2	3	1	4 -
12AVC E2	3	0	3 -

SDS E4 - 3e Klasse

1Franeker SC E4	3	9	49 -	1
2Balk E3	3	9	39 -	1
3Rood Geel E5	3	9	31 -	2
4Blauw Wit '34 E4	3	9	13-	3
5GAVC E3	3	6	9 -	7
6Oosterlittens E3	3	6	15 -	19
7SDS E4	3	3	7 -	11
8Leeuwarder Zwaluwen E4	2	0	3 -	14
9Leeuwarden E4	2	0	2 -	19
10Frisia E5	3	0	8 -	15
11Irnsrum E3	3	0	0 -	33
12LSC 1890 E5	3	0	0 -	51

SDS F1 - 2e Klasse

1Heerenveen F2	3	9	24	-	4
2Sneek F1	3	9	20	-	2
3Scharnegoutum'70 F1	3	6	15	-	7
4CVVO F2	3	6	10	-	5
5JV Bolsward F1	3	4	6	-	4
6AVC F1	3	4	6	-	9
7NOK F1	3	3	4	-	6
8Workum F1	3	3	5	-	11
9SDS F1	3	3	4	-	10
10RES F1	3	3	2	-	13
11Balk F1	3	2	4	-	8
12Makkum F1	3	0	6	-	27

SDS F2 - 3e Klasse

1Makkum F2	3	9	23	-	0
2Rood Geel F3	3	9	19	-	0
3Frisia F7	2	6	14	-	2
4SDS F2	3	6	25	-	5
5RES F2	3	6	15	-	4
6JV Bolsward F2	3	6	13	-	13
7Frisia F6	2	3	10	-	6
8Workum F2	3	3	9	-	14
9Franeker SC F3	3	3	6	-	17
10Zeerobben F3	3	0	6	-	23
11Oeverzwaluwen F2	3	0	4	-	21
12Leeuwarden F3	3	0	0	-	39

SDS F3 - 4e Klasse

1Frisia F9	3	9	23	-	3
2GAVC F4	3	9	17	-	1
3Leeuwarder Zwaluwen F4	3	7	20	-	1
4Blauw Wit '34 F3	3	6	18	-	8
5SDS F3	3	4	7	-	3
6Sparta'59 F2	3	4	6	-	4
7Scharnegoutum'70 F2	3	4	10	-	9
8Makkum F3	3	3	5	-	13
9Franeker SC F5	3	3	5	-	16
10Scharnegoutum'70 F3	3	3	3	-	17
11JV Bolsward F3	3	0	4	-	18

SDS F4 - 4e Klasse EI

1Annaparochie St. F4	3	9	32	-	2
2JV Bolsward F4	3	7	17	-	3
3Dronrijp F4	3	6	16	-	5
4Foarut F3	3	6	13	-	15
5RES F3	3	4	10	-	11
6Zeerobben F5	3	4	10	-	14
7AVC F3	2	3	9	-	22
8Dronrijp F5	3	3	14	-	12
9Frisia F13	3	3	6	-	17
10Frisia F14	3	2	7	-	16
11Arum F3M	3	1	6	-	12
12SDS F4	2	0	7	-	18

Fertrietlik binne wy no 't ús jeugdkommisjelid Syb
Overall en Wimke Merkus harren dochter Sanne sa
gau alwer misse moatte.

Namens hiel SDS winskje wy hun beiden in soad
sterkte ta mei it ferwurkjen fan dit grutte ferlies.

De Trefferredaksje

Webmaster Willem huldige troch de KNVB

Moai sa 'n dei fan 'e pôle.

Mei noch 10 oare webmasters wienen wy (Richt en Willem)útnoege troch de KNVB en waarden in dei yn it sintsje setten (al skynt dy net bot binnen de Arena). Middeis om 14.00 oere waarden wy al ferwachte yn de Koninklijke Lûge fan de Amsterdam Arena. Dêr in bakje té mei gebak, in leuk praatsje en wat mei oare webmasters keuvelfje oer bits en bytes. Dêrnei in rûnlieding troch de Arena. Dat begie fansels yn it Ajax-museum, want wat is it Nederlânse fuotbal no sûnder dizze klup.

De KNVB hie út elk district in webmaster keazen. De measte webmasters wienen fan ferienings dy't al wat grutter binne as SDS. De webside fan DVS'33 út Ermelo lûkt deis sa'n 500 besikers, mar hat dan ek mear as 1000 leden.

Hjirnei krigen wy allegear in certificaat en in persoanlik praatsje fan de bûnsfoarsitter fan 'e KNVB, Jeu Sprengers.

Ûnder it genot fan in bierke(fluitsje kâld bier, gratis, safolle as je op kinne, sifer:7,5) en bitterballen, Amsterdamse sipels, soere hearing, tsiis, leverwoarst, augurken en tsiissouflétsjes, mochten wie Jeu Sprengers in oere oanheare.

Dêrnei mochten wie oanskowe by it diner. Ûnderweis de aperitifjes al wer ferbaarnt want it diner fûn plak oan de oare side fan de Arena. Tusken mannen as Ronald Koeman sieten wy te iten, dus je hoechden je net te skamjen as gewoane boere.... Wat wy ieten wie net

makklik út te sprekken mar smakke al. Sis mar fisk, hiele djoere lytse baltsjes, stik fleis, prut en iis mei flaaï nei. Tuskentroch ris in bierke om de fisk en dy nuvere boltsjes swimme te litten.

Hjirnei de wedstriid wêr it eins om te dwaan wie, Nederlân-Tsjechië.

In hels kabaal en deselde flaggies as dat sy ek wolris by Hearefean hawwe mar dan yn 't oranje. Lykas by SC Hearefean waard ek yn de Arena foar de wedstriid in folksliet spile. Alinne no foar beide teams ien en it Frysk folksliet koenen wy út beide net gewaar út wurde.

Tidens de rêst koenen wy it ôfskied fan Jaap Stam, Marc Overmars en Frank en Ronald de Boer meimeitsje. Wie it net dat Richt pisje moast en ik toast hie.

P.s. Aant en Rienk tige tank! (WW)

Trefferkes

Fergetten

Tjeerd Dijkstra is wiis mei syn mobyltsje. Sa'n ding is ek sa maklik at je wat fergetten binne. Sa soe Tjeerd him sneon omklaaie mar moast hy konstateare dat syn broek net yn de tas siet. Hup, efkes nei hûs skilje en Matty wie wol ree om it ding te bringen. Noch gjin minút letter, seach hy ta syn grutte ferbjustering dat er de sokken ek net meinommen hie. Mar wer efkes it mobyltsje brûke om no dochter Tineke te freegjen de sokken efkes te bringen, want Matty wie fansels al ûnderweis. Noch mar krekt de mobyl wer yn de bûse, kaam Matty al oansetten mei de broek .. en de sokken, want dy seach se ek lizzen. Wylst Tjeerd fêststelle moast dat er net allinne wiis is mei syn mobyltsje mar noch mear mei Matty, wie dochter Tineke noch altyd oan it sykjen nei de sokken.

Liederspraat

Anne Brouwer is lieder fan it earste. Tsjipke Klaas Okkema is spiler fan it earste. Klaas Okkema is lieder/trainer fan it twadde. Jeroen Brouwer is spiler fan it twadde. Dan krije je op tongersdei sa'n útspraak fan Anne:
"At Jeroen der úthelle wurdt dan wurdt Tsjipke der ek wiksele".

Krús of munt

Sjoerd Postma soe de wedstriid SDS 4 – Lions 3 fluitsje. Drok ferhalend stiet hy mei de oanfierders by de middenstip en smyt de munt omheech. "Kop is it", sei hy tsjin de oanfierder fan Lions 3. "Wat hiest sein? "

"Noch neat" lake dy Sjoerd ta.
"Sis it dan mar," sei Sjoerd.
"Doch mar munt", sei de Ljouwerter
"It wie kop, dus SDS mei it sizze" besliste de skiedsrjochter. Lokkich koe elkenien wol frede ha mei dizze skiedsrjochterlike "dwaling".

Ferkearde tas

Sneontemiddei moasten sawol SDS 1 as 2 om 12.15 oere fertrekke út Easterein. Dit betekent dat der sa 'n 30 tassen steane te wachtsjen om efter yn in auto gooit te wurden. It foutsje is gau makke dat der dan ris in ferkearde tas yn in ferkearde auto bedarret. Dat wie dan ek sneon it gefal. Tsjipke hie de tas fan Jos yn 'e auto smiten en gie dus mei de ferkearde tas nei 't Fean. Lokkich genôch binne der mobieltjes en hie Jos it yn Easterein al yn 'e gaten. Sa koenen sy dochts de tas noch omruilje foar dat sy beide yn 'e boks sieten. De ien yn 't Fean en de oar yn Genemuiden

Net tefolle drinke?

By SDS 3 sitte 2 takomstich skoalmasters; Sjoerd van Beem en Jan Stenekes. Mei namme oan Sjoerd merk je al aardich dat hy de fruchten fan 'e opleiding begjint te plukken. Hy hat sa no en dan best ferstândige opmerkingen. Sa sei der sneontemiddei tidens de rêst fan 'e wedstriid ONS 3-SDS 3 wylst eltsenien goed wetter oan it drinken wie yn ferbân mei de waarmte; "jonges jimme moatte net tefolle drinke". Ferskrikt seagen inkelde spilers fan SDS 3 op. Sy mienen dat sy hun frou hearden.

Skiedsrjochter

Anne Stenekes moat sa no en dan op sneonte moarn wurkje. It twadde spilet om 12.15 oere en dat is hast ier genôch.

Sa koe hy gelokkich sneon mei SDS 3 nei ONS yn Snits. Anne, noch kreas yn it pak kaam dêr oan en waard gelyk steande holden mei de wurden: "Welkom, u bent zeker de scheidsrechter

Gesellich

Tongersdeitejûn sitte de lieder byelkoar om de alvetallen gear te stallen. Soms in drege taak mar wol altyd gesellich. Ofrûne tongersdei wie de earste kear wer. In anekdote.

Evert mocht de Wagenaars skilje.

Ronnie: Ja

Evert: Het is met incassobedrijf Hoekstra er staat nog een rekening van u open.

Ronny: Waar mut dat weze dan

Evert: Bij de Wrede in joure, u hebt daar een kast gekocht.

Ronny: Ach man rot op daar ben ik nog nooit weest.

Evert: O dan moast sneon mei it tredde mei, kertier oer ienen fuort en nimst dyn broer ek mei.

R: We benne der

SDS B2

De meast ûngelokkige ploech yn de kompetysje is dit jier B2. Earst gjin lieder en no hast gjin tsjinstanners. Al 3 ploegen binne út harren kompetysje stapt en dat bart hieltyd krekt in wike foardat se tsjin SDS B2 moatte.

It kransensklassemint

Foar de minsken dy't gjin internet hawwe, noch efkes in trefferke om oan te jaan wat je dan misse. Dizze simmer is der in wedstryd holden fan SDS leden mei de measte kransen oan de muorre. Húsgenoaten mochten helpe it oantal sa heech mooglik te krijen. Nei in

spannende striid waard de famylje Okkema fan de Singel yn Easterein winner mei 12 krânsen.

It folsleine klassemint sjocht er sa út. Sietske, Klaas, Janneke, Jikke, Doutsen en Tsjipke Klaas fan herte lokwinske.

1	Okkema	Easterein	12
2	Haitsma	Wommels	11
3	Strikwerda	Wommels	10
4	Scheltema	Easterein	9
	Broersma	Easterlittens	9
5	Faber	Easterein	8
	Hiemstra	Easterein	8
6	Pompstra	Easterein	7
	De Boer	Wommels	7
	De Jong	Lollum	7
7	De Vries	Wommels	6
	Strikwerda	Spannum	6

Fergetten (1)

Ferline wike hiene wy noch in wepperke oer Tjeerd Dijkstra dy't wat fergetten wie. Ek dizze kear kinne wy de famylje Dijkstra wer neame yn ús rubryk mei dizze kear in haadrol foar Bauke en Matty.

B1 moast yn Balk fuotbalje. Bauke rydt mei syn heit mei nei Balk ta en sjocht ta syn grutte ferbjustering dat syn tas net yn de auto sit. It mobyltsje fan Tjeerd wurdt wer oansetten en dy fan Matty giet dus oer. Want Matty, dy't yn Snits efkes oan it winkeljen wie, waard fersocht de tas noch efkes te nei Balk te bringen. Matty, dy't fansels hiel wat wend is mei sokke mannen yn hûs, flocht nei Easterein, nei Balk en bringt krekt foar de twadde helte de tas yn Balk.

Sa koe Bauke dochs noch in helt fuotbalje. Altemets at syn fuotbalskuon yn dy tas sieten. Dat wie net it gefal. De sportskuon sieten der yn. De famylje

Dijkstra in leuke dei nei Gaasterlân mar fuotbaljen wie der foar Bauke net by.

Fergetten (2)

In broekje ferjitte, de skuon ferjitte of de hiele tas ferjitte it is allegear neat by wat B2 oerkaam. Sneon moasten se nei Nijlân en omdat er net in fêste lieder is giet it soms net allegear hielendal goed. Doe't de ploech fanút Easterein fuortgien wie en oankaam yn Nijlân en it ynskoppen begjinne soe, waard de dochs wol wichtige fraach steld: wêr is ús doelman. Gert Jan Rienstra stie yn Wommels by it kafé te wachtsjen dy wiene se gewoan fergetten. Harry Strubbe hat him der gau noch efkes hinne brocht.

Fergetten (3)

Ien fan 'e dingen dy 't it meast ferjitten wurde nei de wedstriid is fansels de koffer mei alle smarsels en tape en guod. By SDS 1 is de discipline op 't momint sa heech dat dy nea mar ferjitten wurd. It is sels sa slim dat der nei de wedstriid tsjin Kootstertille in koffer tefolle yn Easterein stie. Doe 't de ynfallicher Marco Hoekstra (Anne Brouwer wie in wykein fuort) yn Easterein frege as de ferbânkoffer ek meikommen wie, ropten der 2 spilers ; "ja". Ek deferbânkoffer fan Kootstertille wie dus meikommen.

Kees!!!!??

Je hawwe dat wolris dat je yn it hjitst fan de striid wat roppe wat net hielendal oerienkomt mei wat je no eins hielendal bedoele (of júst wol). Sa hie ek Floris Hiemstra dat sneon. Yn de wedstriid mei SDS 1 tsjin Kootstertille makke hy him nochal lilck oer de flagger fan de tsjinstanner. Yn syn eagen die dy man it net hielendal earlik. Floris makke him

lilck en socht byfal fan 'e trainer (Lykle) op 'e bank. "Hé Kees, doch der ris wat oan"! It moat altiten noch wenne sa 'n nije trainer.

Snel

By SDS 5 waard sneon it aldersnelste doelpunt makke. Nei 20 sekonden lei de bal al efter de keeper fan 'e tsjinstanner en der koe wer opstelt wurde foar in nije ôftraap. Opfallend wie ek noch dat dit doelpunt makke waard troch Willem Feenstra út Winsum. Dit wie namelijk syn earste wedstriid yn 'e kleuren fan SDS. It wie jammer dat dizze wedstriid yn Snits fuotballe waard by WPB. It doelpunt waard dan ek ôfkeurd om bûtenspul.

Ljocht yn Wommels

De fergunning foar de ljochten op it fuotbalfjild yn Wommels is binnen en sneon 18 septimber binne de masten lyk pleatst. De minsken fan de Skoalleseize (Feike Jorritsma, Abe-Jan Stegenga en Marco Hoekstra) hawwe mei help (Mebius de Boer, Hendrik Kuiper, Hans Kooistra, Jaap Kooistra en Andries Stuiver) hjir in soad tiid ynstutsen. Hjirfoar tige tank.

SDS op ynternet

Sjoch ek ris op de ynternetside fan SDS en miskien binne je de 75.000^e besiker. Sjoch foar alle nijs, foto's en oare flauwekul op www.vv-sds.nl.

SDS-nijs

Hawwe jimme noch nijs oer SDS of SDS'ers, mail it dan nei info@vv-sds.nl en wy dogge der fêst wat mei.

Aginda

Wat	Wannear	wêr
SDS 1-Broekster Boys 1	Sneon 2 oktober 14.30 oere	Skoalleseize Easterein
Futsal: SDS 1-Workum 1	Woansdei 6 oktober 20.00 oere	Greidhoeke Easterein
Nijland 1 – SDS 1	Sneon 9 oktober 14.30 oere	Nijlân
Futsal: SDS 1 – Avanti 2	Woansdei 13 oktober 20.00 oere	Greidhoeke Easterein
Beker: SDS 1-....	Sneon 16 oktober	?
Futsal: Heerenveen 2–SDS 1	Woansdei 20 oktober	Sporthal Heerenveen
SDS 1 – WPB 1	Sneon 23 oktober 14.30 oere	Skoalleseize Easterein
Ledengearkomst SDS	Moandei 25 oktober 20.00 oere	Kantine Skoalleseize
Úterste ynleverdatum kopij de Treffer	25 oktober	De Trefferredaksje
Trefferfergadering	28 oktober	Kantine Skoalleseize

(WW)